Ynlieding fan drs. Kerst Huisman oer *Fryske skiednis en kultuer* op 1 febrewaris 2006 yn 'It aljemint' (Fryske Akademy)*

De Nederlandse vertaling volgt na/onder deze in het Fries uitgesproken tekst.

De 230 siden tellende 'Geïllustreerde Bosatlas van de wereldgeschiedenis' út 1984, in moai boek dat wol - se meitsje yn Grun'n net allinnich drank, mar ek moaie skoalatlassen - hat 24 bledsiden Nederlânske skiednis. Fryslân is op dy siden wol uterst meager bedield. Oer de tekst wol ik it net iens wat sizze, omdat dy echt neat foarstelt, mar ik wol it efkes hawwe oer de acht siden mei kaarten. Dêr't de Nederlânske provinsjes op steane, koene se fansels net om 'Friesland' hinne. Dus dat moast wol. Mar op de kaarten út de Nederlânske prehistoarje foar 1600 komme de Friezen ien kear foar: yn de Romeinske tiid as bewenners fan de slykplaten tusken Flylân en Skiermuontseach, sa likernôch tusken Gryn en de Kalkman. Der moat wol by sein wurde dat de namme Fryslân yn it grutte ynternasjonale part fan de atlas ek foarkomt as it oer de Karolingen giet, mar dat is it dan ek.

Ik haw der yn de rin fan de jierren al hiel wat Nederlânske skiednisboeken en -atlassen foar it leger en fuortset ûnderwiis op neisjoen, mar it byld is wol sawat dat fan dy *Bosatlas*. Soms is it wat better, soms net, mar de Friezen binne altyd marzjinaal en as it net oars kin, dan komme se ynsidinteel ris foar. As se in evangeeljepreker deaslaan bygelyks, mar dan ferdwine se wer foar ieuwen ûnder it kleed. En as dy geastlike al op it aljemint komt, dan wurdt ek noch net in soad oer de eftergrûnen ferteld.

No soene wy sizze kinne dat soks dochs net sa slim is foar Limboargers en Brabanners. Dy hawwe op ´t lêst har eigen hartoggen en biskoppen, dêr't se grif ek wolris ien fan deaslein hawwe. En yn Hollân hawwe se *Floris V* en *Oldenbarnevelt* nei de oare wrâld holpen. Ik leau dat der yn Gelderlân ek alris ien fan in toer sprongen is en yn België is sels ris immen mei in hiel krûdskip de loft yngongen. Dy hawwe dêr sels genôch harsensskrabjen mei.

Mar it giet om it ûnderwiis hjir. Fryske bern wurde hjoed de dei yn it ûnderwiis op in kwealike wize *yndoktrinearre*. *Yndoktrinearre mei in byld oer har eigen libbenswrâld dat oan dy libbenswrâld gjin inkeld rjocht docht.* Dy bern hawwe nei dat ûnderwiis in byld fan Fryslân krige dat him it bêste yllustrearje lit mei de fraach út de bibel, wie it net fan de Fariseeërs oer Jezus: 'Kin der út Nazareth eat goeds komme?' Mei sa'n ynstelling wurdt ûnderstek dien oan it betrouwen yn de mooglikheden fan jo eigen regio. Dan tinke jo ek dat it ekonomysk nea wat west hat en ek nea wat foarstelle kin en dan krije jo in ynstelling fan: hjirwei, want allinnich earne oars is it te heljen. Dat betsjut dat jo regio ekonomysk en kultureel nei gychem giet.

It is dus foar my allinnich al dêrom gjin inkeld punt dat Fryske bern folle mear ûnderwiis krije moatte yn de Fryske skiednis. Sterker noch: it moat net allinnich fan my, mar ek fan it troch de Nederlânske steat ratifisearre *Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden*. Dêrom hawwe wy ek in *ûntwerp*kanon* skreaun foar it Fryske skiednisûnderwiis, dy't hjir jûn yn 'It Aljemint' op it aljemint komt. Ik gean net op de ynhâld yn, dêr is genôch oer te lêzen. Ik jou in pear oerwagings efter it ferhaal.

Wêzentlik yn it debat dat no geande is, is it feit, dat de ryksoerheid ús erkend hat as nasjonale minderheid. Dy posysje fan nasjonale minderheid wol sizze, dat wy neffens de ryksoerheid *in minderheid mei in eigen idee fan naasje* binne ûnder de hoede fan de Nederlânske steatsnaasje. It hânfest wol de beskerming fan de lytsere taalkundich-kulturele identiteiten sûnder in eigen steat. Dan leit it foar de hân om by dit troch it

hânfest foarstiene skiednisûnderwiis net allinnich te tinken oan de feitlik groeide sitewaasje, mar ek oan dy fasetten dy't mei dy *spesifike eigen identiteit* te krijen hawwe. Dus heart der net allinnich omtinken te wêzen foar it yngroeien yn de ienheidssteat, mar ek foar dy fasetten dy't oant hjoed de dei ta befoarderlik west hawwe foar it *fierder bestean fan de Fryske identiteit.* Der falt hjir ek oan in saakfak as *ierdrykskunde* te tinken, ik kom der aanst noch op.

Fryske skiednis kinne wy nèt sjen as de skiednis fan de provinsje Fryslân allinnich. Dat hat mei it *ferline* te krijen, want Fryslân seach der eartiids hiel oars út, mar likegoed mei it *no*: der binne *bûten* dizze provinsje kriten mei de namme *Fryslân/Friesland*: *West-Fryslân* yn Noard-Hollân, *East-Fryslân* en *Noard-Fryslân* yn Dútsklân en dan ek noch de *Kreis Friesland* om Wilhelmshaven hinne. Dêr wenje ek noch altyd minsken dy't sizze: wy binne *Friezen*. It is logysker om dêrom de 'Fryske skiednis' te sjen as de *skiednis fan dat kollektyf*.

Moderne 21ste-ieuske minsken sette, troch har út te sprekken dat hja Friezen binne, in *kulturele entiteit fan twatûzen jier* fuort en lykje dat fan *belang* te finen. It sil dúdlik wêze, dat de ynhâld fan dat begryp 'Friezen' him yn de rin fan de tiden nochal wizige hat. De Fryske identiteit hat sels neffens guon ris in skoftlang fuort west en is doe fannijs oannommen troch Denen en Jutlanners. It is in net troch eltsenien ûnderskreaune teory, mar persoanlik wol it my wol oan. Ik haw ek mear aardichheid oan it koele klimaat fan de noardlike lannen as oan it bloedhite simmerske Marseille of Pisa. It sit grif yn de genen.

De ynwenners fan gebieten mei in ieuwenâld Frysk ferline, lykas Hollân en Grinslân, sjogge harsels hjoed de dei oer it generaal net mear as Friezen. Dochs heart der by 'Fryske skiednis' wol omtinken jûn te wurden oan it Fryske ferline dêr, al soe it allinnich mar wêze om yn ús moderne tiid ûnder Fryske bern al te provinsjaal-sjauvinistyske gefoelens yn it foar te kommen. 'Fryslân is in trekharmoanika, it wurdt yn de tiid grutter en lytser en dan wer ris grutter, al nei geraden de omstannichheden' sei de histoarikus Edzo Waterbolk al. Kennisse fan dy skiednis kin ek liede ta de ûntdekking dat *Fryske belutsenens by Europa en de wrâld al in hiel âld ferskynsel is* (it katolike Fryslân mei in eachweid oant yn Rome, mei syn eigen Friezentsjerke, de Fryske hannel yn de iere en folle midsieuwen mei Fryske seerôvers oant by Cyprus ta).

Yn it foargeande sit foar de goede harker ek al in flink stik relativisme ferburgen. De tiid fan de ayatollahs fan it ortodoks-kristlike part fan de Fryske beweging dy't seine dat it Fryske folk troch God skepen wie en dêrtroch ivich ûnfergonklik, leit lokkich efter ús. Efkes foar it lykwicht: sokke lju wiene der bûten Fryslân ek en dy wiene mooglik noch wol folle fanatiker. Tink oan de Nederlânske *Drievoudigsnoer-nasjonalisten*. Tink ek oan de Dútsers, dy't songen fan 'Und predigen und singen vom heiligen deutschen Reich'. Dat wie de SS yn harren *Treueliet* op de wize fan jawis, it *Wilhelmus*.

De Fryske identiteit is gjin absolute kategory, likemin as de Nederlânske of de Dútske of de wat dan ek dat is. Identiteiten kinne ferdwine en dogge dat ek; se kinne sels nei't se ferdwûn binne, noch weromkomme. It hinget altyd fan beskate politike, ekonomyske, kulturele en/of sosjale faktoaren ôf. Mar it laat paradoksalernôch tagelyk ta it ynsjoch dat de Fryske skiednis wichtiger foar it ûntstean fan it lettere Nederlân is as it skiednisûnderwiis oant no ta hawwe woe. En dat is net allinnich in kwestje fan de âldste skiednis. Net sûnder belang is ek de ynset fan it gewest Fryslân foar it fuortbestean fan de *Republyk* fan de *Sân Feriene Provinsjes*, mei syn universiteit, de twadde fan Nederlân. En oer de sintrale rol fan Fryslân yn de wurdingsskiednis fan it sosjalisme yn Nederlân sil ik it mar net iens hawwe.

Der wurdt klage oer in ferskriklik brekme oan kennisse fan it Nederlânske ferline. Wylst krekt it witten hoe't ús mienskippen en bestjoersfoarmen, ús omgean mei elkoar en frijheid ûntstien binne, wêzentlik is foar in goede opstelling yn in tiid fan ôfnimmende tolerânsje en tanimmende bedriging fan de demokrasy. En krekt yn it Fryske ferline sitte saken dy't op syn minst in *eigen aksint* jûn hawwe oan dy ûntwikkelings dy't ek Nederlân makke hawwe ta wat it wurden is, en dy't yn de Fryske lannen sels *earder* begûn binne as earne oars. Te tinken falt oan it *oerlismodel*, dat fuortkommen is út de *wettersteatsskiednis* en it *idee fan de frijheid*.

Mar it liket wol as lêze se dêr yn Nederlân altyd oer hinne. Yn it *AD Magazine 1000 Nederlandse bijdragen aan de wereldgeschiedenis* fan 31 desimber 1999 giet Chris van der Heijden tebek nei de *Slach oan de Merwede* fan 1018. Hy sitearret twa skriuwers út de njoggentjinde ieu, W.J. Hofdijk en P.J. Andriessen dy't dêr yn it *Panorama van Neerlands verleden* de folgjende beskriuwing fan joegen: "Door de Hollanders vervolgd, heffen de keizerlijke soldaten den noodkreet aan: 'Vliedt. Heeren, vliedt', en nu worden de wanorde en 't vluchten algemeen. Een aantal der vijanden sneuvelen onder de zwaard-, bijl- en koddeslagen der Hollanders, meer nog zinken door hun zware wapenrusting in de moerassen." Van der Heijden seit derby dat dat ferhaal út de kronyk fan *Alpertus fan Metz* komt, 'Gebeurtenissen van deze tijd'. Mar hy hat fersomme der efkes op te wizen dat Alpertus it net hat oer Hollanners, want dy komme pas in ieu nei Alpertus foar it earst yn de boeken foar, mar oer Friezen, want sa hjitten de ynwenners fan wat letter Hollân komme soe te hjitten en harren greve yn dy tiid.

Ik hoopje dat de diskusjes oer de Nederlânske 'canon' dochs positive útkomsten foar it Fryske skiednisûnderwiis opsmite meie. Mar de bydragen, dy't ik oant no ta lêzen haw, jouwe wat dat oangiet *net sûnder mear hope*. As it giet, lykas it oant no ta altyd gien is, dan falt te ferwachtsjen dat it in *folslein sintralistysk ferhaal* wurdt en it Fryske elemint hielendal ferdwynt. Mar de diskusje is noch geande en wa wit.

Want wat soe der op tsjin wêze as Nederlânske bern, lit ús sizze yn Hollân of Utert, wat mear witte soene oer dy Fryske skiednis? Jan Romein seit yn syn: 'De lage landen bij de zee' as er it hat oer de Nederlannen yn de tiid fan Karel de Grutte: 'Van de opbrengsten in natura was het allerbelangrijkste het Friese laken, product van de omvangrijke schapenteelt, dat ook in het handelscentrum Dorestad veel verhandeld werd. Daarvan werden ook gekleurde pallia geweven, zoals de rode en blauwe, die Karel de Grote aan Haroen al Raschid ten geschenke zond. Bij het weefsel der Friese vrouwen op de terpen begint de eerste industrie en de eerste exporthandel der latere Nederlanden.' Mar ja, dan sjoch ik Sonja Barend foar my, dy't yn dat populêre programma fan har hiel fiis seach doe't se fertelde dat de Nederlânske jongelju foar it eineksamen ierdrykskunde witte moasten wat 'terpen' wiene. 'Moeten die kinderen dat ook al weten?', frege se fol ôfgriis.

Dat jout my no de gelegenheid noch wat te sizzen oer de saakfakken, benammen *ierdrykskunde*. Want dêr binne ek *eigen aksinten* mooglik en yn in beskaat opsicht sels oare ynfalshoeken. Mei in knypeach nei Sonja Barend kin ik sizze: *terpen* lizze der ek yn de Sahara yn in grut oerstreamingsgebiet fan de Niger en ek yn westlik Frankryk en grif op noch wol folle mear plakken yn de wrâld. Is ek Mesopotamië mei syn *tells*, it Irak fan hjoed de dei net in gebiet, dat hiel aardich behelle wurde kin by in les oer it libjen yn oerstreamingsgebieten? Mar der is folle mear. Nim de hiele nijsgjirrige wrâld fan nasjonaliteiten en lytse talen – it wit net oft jimme dy moaie nasjonaliteitekaarten fan de eardere Sovjet-Uny en Sjina wolris sjoen hawwe, it is ien bûnte lapetekken. Mar der binne hiel wat gebieten mei deselde ferskynsels as yn Fryslân: in perifeare ekonomy, mei in ûntfolking fan generaasjes, foar in flink part oanwiisd

op toerisme en rekreaasje. En it is ek noch aardich as jo oan de bern by de ierdrykskundeles oer de Noardsee útlizze kinne wêrom't dêr safolle kriten mei de namme *Fryslân* lizze, of wêrom't op alle bûtenlânske atlassen de 'Nederlandse Waddeneilanden' de *Westfryske eilannen* hjitte.

Nederlânske learlingen yn it fuortset ûnderwiis hearre - en neffens my mei rjocht - ek te learen fan de earste sin yn it Nederlânsk, tusken 1075 en 1100 opskreaun '***Hebban olla vogala nestas bagunnan hinase hic enda thu wat unbidan we nu***'. 'Alle fûgels binne al begûn te nesteljen, ítsein do en ik; wêr wachtsje wy no noch op?' O sa romantysk, netwier? Mar der binne teksten yn in autochtoane taal, dy't 300 oant 400 jier âlder binne: de *rune-ynskripsjes* út de noardlike wierden yn Fryslân en Grinslân. Dat is it ierste Frysk. Kinne jo net likegoed hiel romantyske foarstellings hawwe by de ynskripsje út de seisde of sânde ieu ***'Adugislu meth Gisuhildu'*** , grif bedoeld as in besegeling fan de leafdesrelaasje tusken Adugisl en Gisuhildu. En dat wie in echte leafdesrelaasje en dat kinne jo fan it ***Habban olla vogala nestas bagunnen*** net sizze, want dy rigels binne troch in jonge muonts of non opskreaun yn in kleaster yn Ingelân.

Kerst Huisman,
01-02-2006

***

Vertaling in het Nederlands van de inleiding van drs. Kerst Huisman over *Fryske skiednis en kultuer,* gehouden op 1 februari 2006 in 'It Aljemint' (Fryske Akademy)

De 230 bladzijden tellende 'Geïllustreerde Bosatlas van de wereldgeschiedenis' uit 1984, een mooi boek dat wel – ze maken in Grun'n niet alleen drank, maar ook mooie schoolatlassen – heeft 24 bladzijden Nederlandse geschiedenis. Friesland is op die bladzijden uiterst mager bedeeld. Over de tekst wil ik niet eens wat zeggen, omdat die echt niks voorstelt, maar ik wil het even hebben over de acht pagina's met kaarten. Waar de Nederlandse provincies op getekend staan, kon men natuurlijk niet om het woord 'Friesland' heen. Dus dat moest er wel op. Maar op de kaarten van de Nederlandse prehistorie voor 1600 komen de Friezen eenmaal voor: in de Romeinse tijd als bewoners van de slikplaten tussen Vlieland en Schiermonnikoog, ongeveer tussen Griend en de Engelsmanplaat. Er moet worden gezegd dat de naam *Friesland* in het grote internationale deel van de atlas ook voorkomt als het over de Karolingers gaat, maar dat is het dan ook.

Ik heb in de loop der jaren al heel wat Nederlandse geschiedenisboeken en -atlassen voor het lager en voortgezet onderwijs op nagekeken, maar het beeld is wel ongeveer dat van deze Bosatlas. Soms is het iets beter, soms niet, maar de Friezen zijn altijd marginaal en als het niet anders kan dan komen ze incidenteel eens voor. Als ze bijvoorbeeld een evangelieprediker doodslaan, maar dan verdwijnen ze weer eeuwen onder het kleed. En als die geestelijke al aan de orde komt, wordt er nog niet veel over de achtergronden verteld.

Nu zouden we kunnen zeggen dat zoiets toch niet zo erg is voor Limburgers en Brabanders. Die hebben per slot van rekening hun eigen hertogen en bisschoppen, van wie ze vast ook wel eens iemand hebben doodgeslagen. En in Holland hebben ze *Floris V* en *Oldenbarnevelt* naar de andere wereld geholpen. Ik geloof dat er in Gelderland ook al eens iemand van een toren is gesprongen en in België is zelfs eens iemand met een heel kruitschip de lucht in gevlogen. Daar heeft men in die streken genoeg kopzorgen over. Maar het gaat om het onderwijs hier. Friese kinderen worden heden ten dage in het onderwijs op een kwalijke wijze *geïndoctrineerd*. Geïndoctrineerd met een beeld over hun eigen belevingswereld die aan die belevingswereld geen enkel recht doet. Die kinderen hebben na dat onderwijs een beeld van Friesland gekregen dat zich het beste laat illustreren met de vraag uit de bijbel, was het niet

van de Farizeeërs over Jezus: 'Kan er uit Nazareth iets goeds komen? Met zo'n instelling wordt het vertrouwen in de mogelijkheden van je eigen regio ondermijnd. Dan denk je dat het economisch nooit wat heeft voorgesteld en ook nooit wat kan voorstellen en dan krijg je een instelling van: ik moet hier weg, want het is alleen elders te halen. Dat betekent dat je regio economisch en cultureel naar de bliksem gaat.

Het is voor mij alleen al daarom geen enkel punt dat Friese kinderen veel meer onderwijs moeten krijgen in de Friese geschiedenis. Sterker nog: het moet niet alleen van mij, maar ook van het door de Nederlandse staat geratificeerde *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden*. Daarom hebben wij ook een ontwerpcanon* geschreven voor het Friese geschiedenisonderwijs, die hier vanavond in 'It Aljemint' aan de orde komt. Ik ga niet op de inhoud in, daar is al genoeg over te lezen. Ik geef een paar overwegingen achter het verhaal.

Essentieel in het debat dat nu loopt, is het feit dat de rijksoverheid ons heeft erkend als nationale minderheid. Dat wil zeggen dat wij volgens de rijksoverheid een minderheid met een e*igen idee van natie* zijn onder de hoede van de Nederlandse staatsnatie. Het handvest wil de bescherming van de kleinere taalkundig-culturele identiteiten zonder een eigen staat. Dan ligt het voor de hand om bij het door het handvest voorgestane geschiedenisonderwijs niet alleen te denken aan de feitelijk gegroeide situatie, maar ook aan die facetten, die met die *specifieke eigen identiteit* hebben te maken. Dus hoort er niet alleen aandacht te zijn voor het ingroeien in de eenheidsstaat maar ook voor die facetten die tot vandaag de dag bevorderlijk zijn geweest voor het *voortbestaan van de Friese identiteit.*

Er kan hier ook aan een zaakvak als aardrijkskunde worden gedacht, ik kom erop terug. Friese geschiedenis kunnen wij niet zien als de geschiedenis van de provincie Friesland alleen. Dat heeft met het verleden te maken, want Friesland zag er in vroegere tijden heel anders uit, maar even zo goed met het heden: er zijn buiten deze provincie streken met de naam Friesland: *West-Friesland* in Noord-Holland, *Ost-Friesland* en *Nord-Friesland* in Duitsland en de *Kreis Friesland* rondom Wilhelmshaven. Daar wonen ook nog steeds mensen die zeggen: *Wij zijn Friezen*. Het is logischer om daarom de 'Friese geschiedenis' te zien als de geschiedenis van dat *collectief*.

Moderne, 21ste-eeuwse mensen zetten, door zich uit te spreken dat zij Friezen zijn, een *culturele entiteit van 2000 jaar* voort en lijken dat *van belang* te vinden. Het zal duidelijk zijn dat de inhoud van het begrip 'Friezen' in de loop der tijden nogal gewijzigd is. De Friese identiteit is zelfs volgens sommigen een tijdlang weg geweest en is toen opnieuw aangenomen door Denen en Jutlanders. Het is een niet door iedereen onderschreven theorie, maar persoonlijk heb ik er wel wat mee. Ik voel me lekkerder in het koele klimaat van de noordelijke landen dan in het bloedhete zomerse Marseille of Pisa. Het zit vast in de genen.

De inwoners van gebieden met een eeuwenoud Fries verleden, zoals Holland en Groningen, zien zichzelf over het algemeen niet meer als Friezen. Toch behoort er bij 'Friese geschiedenis wel aandacht te worden geschonken aan het Friese verleden daar, al zou het alleen al zijn om in onze moderne tijd onder Friese kinderen al te provinciaal-chauvinistische gevoelens te voorkomen. 'Friesland is een trekharmonica, het wordt in de tijd groter en kleiner en dan weer eens groter, al naar gelang de omstandigheden', zei de historicus Edzo Waterbolk al. Kennis van die geschiedenis kan ook leiden tot de ontdekking dat de Friese betrokkenheid bij Europa en de wereld al een heel oud verschijnsel is (het katholieke

Friesland met zijn blikveld tot Rome, met zijn eigen Friezenkerk, de Friese handel in de vroege en volle middeleeuwen met Friese zeerovers tot bij Cyprus).

In het voorgaande zit voor de goede luisteraar al een flink stuk relativisme verborgen. De tijd van de ayatollahs van het orthodox-christelijke deel van de Friese beweging die zeiden dat het Friese volk door God was geschapen en daardoor eeuwig onvergankelijk, ligt gelukkig achter ons. Even voor het evenwicht: zulke lieden waren er buiten Friesland ook en die waren mogelijk nog wel veel fanatieker. Denk aan de Nederlandse *Drievoudigsnoer-nationalisten*. Denk ook aan de Duitsers, die zongen van 'Und predigen und singen vom heiligen deutschen Reich'. Dat was de SS in hun *Treueliet* op de wijs van, jawel, het *Wilhelmus*.

De Friese identiteit is geen absolute categorie, net zomin als de Nederlandse of de Duitse of de wat dan ook dat is. Identiteiten kunnen verdwijnen en doen dat ook; ze kunnen zelfs nadat ze zijn verdwenen weer terugkeren. Het hangt altijd af van bepaalde politieke, economische, culturele en/of sociale factoren. Maar het leidt paradoxaal genoeg tegelijkertijd tot het inzicht dat de Friese geschiedenis belangrijker voor het ontstaan van het latere Nederland is dan uit het geschiedenisonderwijs tot dusverre is gebleken. En dat is niet alleen een kwestie van de oude geschiedenis. Niet zonder belang is ook de inzet van het gewest Friesland voor het voortbestaan van de *Republiek der Zeven Verenigde Provincies*, met zijn universiteit, de tweede van Nederland. En over de centrale rol van Friesland in de wordingsgeschiedenis van het socialisme in Nederland zal ik het dan maar niet eens hebben.

Er wordt geklaagd over een ontzettend gebrek aan kennis van het Nederlands verleden. Terwijl juist de wetenschap, hoe gemeenschappen en bestuursvormen, ons omgaan met elkaar en vrijheid zijn ontstaan, wezenlijk zijn voor een goede opstelling in een tijd van afnemende tolerantie en toenemende bedreiging van de democratie. En juist in het Friese verleden zitten zaken die op zijn minst een eigen accent hebben gegeven aan de ontwikkelingen die ook Nederland hebben gemaakt tot wat het geworden is, en die in de Friese landen zelfs eerder zijn begonnen dan elders. Te denken valt aan het *overlegmodel*, dat voortgekomen is uit de *waterstaatsgeschiedenis* en het *idee van de vrijheid*.

Maar het lijkt wel alsof ze daar in Nederland altijd over heen lezen. In het *AD Magazine 1000 Nederlandse bijdragen aan de wereldgeschiedenis* van 31 december 1999 gaat Chris van der Heijden terug naar de Slag aan de Merwede van 1018. Hij citeert twee schrijvers uit de 19de-eeuw, W.J. Hofdijk en P.J. Andriessen, die daarvan in het *Panorama van Neerlands verleden* de volgende beschrijving van gaven: "Door de Hollanders vervolgd, heffen de keizerlijke soldaten den noodkreet aan: 'Vliedt. Heeren, vliedt', en nu worden de wanorde en ´t vluchten algemeen. Een aantal der vijanden sneuvelen onder de zwaard-, bijl- en koddeslagen der Hollanders, meer nog zinken door hun zware wapenrusting in de moerassen." Van der Heijden zegt erbij dat dat verhaal uit de kroniek van *Alpertus van Metz* komt, 'Gebeurtenissen van deze tijd' Maar hij heeft verzuimd om er even op te wijzen, dat Alpertus het niet heeft over Hollanders, want die komen pas een eeuw na Alpertus voor het eerst in de boeken voor, maar over Friezen, want zo heetten de inwoners van wat later Holland zou komen te heten en hun graaf in die tijd.

Ik hoop dat de discussies oer de Nederlandse 'canon' toch positieve uitkomsten voor het Friese geschiedenisonderwijs mogen opleveren. Maar de bijdragen die ik tot dusverre heb gelezen, geven wat dat betreft niet zonder meer hoop. Als het gaat, zoals het tot nu toe altijd is gegaan, valt te verwachten dat het een *volslagen centralistisch verhaal* wordt, en het Friese element helemaal verdwijnt. Maar de discussie is nog gaande en wie weet.

Want wat zou er eigenlijk op tegen zijn als Nederlandse kinderen, laat ons zeggen in Holland of Utrecht, wat meer zouden weten over die Friese geschiedenis? Jan Romein zegt in zijn ‘De lage landen bij de zee’ als hij het heeft over de Nederlanden in de tijd van Karel de Grote: ‘Van de opbrengsten in natura was het allerbelangrijkste het Friese laken, product van de omvangrijke schapenteelt, dat ook in het handelscentrum Dorestad veel verhandeld werd. Daarvan werden ook gekleurde pallia geweven, zoals de rode en blauwe, die Karel de Grote aan Haroen al Raschid ten geschenke zond. Bij het weefsel der Friese vrouwen op de terpen begint de eerste industrie en de eerste exporthandel der latere Nederlanden.’ Maar ja, dan zie ik Sonja Barend voor mij, die in dat populaire programma van haar heel vies keek toen ze vertelde dat de Nederlandse jongelui voor het eindexamen aardrijkskunde moesten weten wat ‘terpen’ waren. ‘Moeten die kinderen dat ook al weten?’, vroeg ze vol afgrijzen.

Dat geeft mij nu de gelegenheid nog iets te zeggen over de zaakvakken, vooral *aardrijkskunde*. Want ook daar zijn *eigen accenten* mogelijk en in een bepaald opzicht zelfs andere invalshoeken. Met een knipoog naar Sonja Barend kan ik zeggen: terpen liggen ook in de Sahara in een groot overstromingsgebied van de Niger, en in westelijk Frankrijk en vast nog wel op meer plaatsen in de wereld. Is ook Mesopotamië met zijn *tells*, het Irak van vandaag, niet een gebied dat heel aardig kan worden betrokken bij een les over het leven in overstromingsgebieden? Maar er is veel meer. Neem de hele interessante wereld van nationaliteiten en kleine talen – ik weet niet of iemand hier die mooie nationaliteitenkaarten van de voormalige Sovjet-Unie en China wel eens heeft gezien, het is een bonte lappendeken. Er zijn heel wat gebieden met dezelfde verschijnselen als in Friesland: een perifere economie met een ontvolking van generaties, voor een flink deel aangewezen op toerisme en recreatie. En het is ook nog aardig als je de kinderen in de aardrijkskundeles over de Noordzee kunt uitleggen waarom daar zoveel streken met de naam Friesland liggen of waarom op alle buitenlandse atlassen de 'Nederlandse Waddeneilanden' de *Westfriese eilanden* heten.

Nederlandse leerlingen in het voortgezet onderwijs horen, en naar mijn smaak terecht, ook te leren over de eerste zin in het Nederlands, tussen 1075 en 1100 opgeschreven: ‘***Hebban olla vogala nestas bagunnan hinase hic enda thu wat unbidan we nu***’. ‘Alle vogels zijn al begonnen te nestelen, behalve jij en ik; waar wachten wij nu nog op?' O zo romantisch, nietwaar? Maar er zijn teksten in een autochtone taal, die 300 tot 400 jaar ouder zijn: de runeninscripties uit de noordelijke wierden in Friesland en Groningen. Dat is het vroegste Fries. Kun je niet net zo goed heel romantische voorstellingen hebben bij de inscriptie uit de zesde of zevende eeuw ***'Adugislu meth Gisuhildu'*** , vast bedoeld als een bezegeling van de liefdesrelatie tussen Adugisl en Gisuhilde. En dat was een echte liefdesrelatie en dat kun je van het ***Habban olla vogala nestas bagunnen*** niet zeggen, want die regels zijn door een jonge monnik of non opgeschreven in een klooster in Engeland.

Kerst Huisman,
01-02-2006 (vertaling uit het Fries)

***Klik op:** Konsepttekst 'kanon' Fryske skiednis.pdf